

Inglen sjonge yn 't liet ferlern
(Hark! The herald angles sing)

Inglen sjonge yn 't liet ferlern
fan de berte fan it Bern,
dat foar altyd leafdefol
ús Ferlosser wêze wol.
Folken, sjong it ingleliet,
no't de himel iepengiet.
Sjong it ivich en aloan
op `e treppen fan syn troan.
Inglen sjonge-yn 't liet ferlern
fan de berte fan it Bern.

Heare, God en minskesoan
mei de keninklike kroan,
dy't in faam, fan God ferkard,
wûnder wûn en helle hat.
Ljocht oer alle tsjusternis,
Wurd dat minske wurden is.
Stjerre fan it dagerea,
mei ús mien oant oer de dea.
Inglen sjonge-yn 't liet ferlern
fan de berte fan it Bern.

Lof oan Jo dy't ivich bliuwt,
wêr't de tiid ek hinne driuwt,
dy't de gong fan dizze wrâld
yn syn hillge hannen hâldt.
Want de moarntyd is op til,
dat in Kening komme sil
nei in nij Jeruzalem.
Inglen, sjong oer Betlehem
op `e nij yn 't liet ferlern
fan de berte fan it Bern.